

# ***Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”***

**Ynhâld**

**maart 2024**

Beste kriteleden en freonen	2 / 3
Us Karre	4
Ledeberjochten	5
Ferlotting en tagongsprizen	5
Foto puzzel	6
Hûske oan see	7 / 8
Douwe Egberts punten en RABO Club aktie	9
Skrikkeldei yn it planetarium	10
De wurklist winterskoft 2024-2025	11
Gedicht	12
Skutsje silen	13
Musical ‘De Tocht’	14
Frysk folksliet	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

*KvK. Nummer: 5324 1274*

*Rabobank rekken: NL 54 RABO 0162 2705 77*

*Lid fan It Frysk Boun om Utens*

*[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)*

## ***Oan ús kriteleden, freonen en stipers.***

Wylst ik mei dit skriuwen begjin,  
sit ik ek efkes te sjen nei Femke en  
Lieke. Wat kinne dy fammen dochs  
hurd drave. En dan sa bliid mei  
elkoar en foar elkoar. Wie dat mar



oeral sa yn de roerige en ûnwisse wrâld fan dizze tiid.  
Bliid binne wy , as bestjoer fan de Fryske Krite "Troch de Tael  
Forboun", om jimme út to noegjen foar ús lêste jun. 23 maart  
2024, jouns om 20.00 ûre, komt Pro Rege út Holwert mei it  
fleurige stik "Hûske oan see" yn de Huesmolen te Hoorn.  
Eltsenien is wolkom en nim goekunde graach mei.  
Wy hoopje op goed waer en in moaie seal fol minsken.  
Wat giet de tiid hurd, de maitiid komt dit jier wol tige gau. De  
maertebloomkes binne al moai fier hinne en titelroazen en  
krokussen bloeie folop.

*Maartebloomke  
tear bisto,  
Troch kjeld net te kearen.  
Stiest dêr as in ranke ballerina  
balansearjend op ien skonk.  
Dyn rokje weagjend,  
dûnsjend op 'e wyn.*

Sa krije wy sin oan sinnewizer, wat waarmte .  
Mar gjin reinwetter, dat hawwe wy al genôch hân.

Wat is it moai , dat wy as Friezen elkoar moetsje kinne op ús fryske jounen. Der binne net folle krite mear. Se kinne gjin minsken fine yn it bestjoer. Wy hoopje noch in skofke troch to gean.

Wy, as bestjoer binne bliid, dat jimme op ús jûnen komme , lid bliuwe en ús stypje. Yn it kommende seizoen wolle wy yn Jannewaris , op sneontemiddei in stampot buffet hâlde. Op middei kin eltsenien komme. Teminsten as der gjin pak snie leit.

Op 23 maart sil ik it nochris freegje en by hân op stekken sjen wa't dit wol.

As it giet, sa as it bestjoer hopet, dan is op freed 27 septimber ús jiergearkomste. Skriuw it mar fêst yn jimme bûsboekje (agenda)

Us boeketafel hat wer in protsje nije boeken krigen.

Ferjit net efkes wat yn de bus to dwaan.

Harmke kin dan, as hja it wit, in kaartsje stjoere. Jou it troch oan ús.

Ik winskje eltsenien in noflike simmertiid ta,

Hâld jimme goed en bliuw, as it kin, wat sûn.

Foar ús sike leden in soad sterkte.

Oan't 23 maart .

Net stinne , mar der hinne.

De maitiid is te rûken oan gers en krûd en blomt

It grien rint oer de tûken, it grien rint oer de romt.

Sa mei it wêze dizze maitiid en simmer foar jimme allegearre.

Folle groetnis

Tiny Dijkstra de Vries

## ***Us karre***

Jo hawwe it fêst wolris sjoen! Nei de Kritejûn moat alles wer oprûmme wurde. Net allinnich de stuollen en tafels, mar ek de flaggen, flagjes en de boeken fan de boeketafel. Dat lêste ferdwynt allegear ûnder it toaniel. Mar dêr leit net allinnich ús guod. En wy moatte altyd op 'e knibbels fierder ûnder it poadium krûpe om ús dingen derút te heljen of wer fuort te setten. Earme knibbels. Dêrom hawwe wy in oplossing betocht en makke. Hiel ienfâldich, in planke mei tsjiltjes en een pear bakken derop. Us karre!



*Grapke:*

*De iene pensjonearre man mei seit tsjin de oare:*

*“Fan ‘e moarn frege de frou wat ik hjoed dwaan soe.”*

*Doe sei ik: “Neat.”*

*Doe sei sy: “Mar juster hast ek al neat dien.”*

*Doe sei ik: “Ja, mar dat ha ik net klear krije kinnen.”*

## **Ledeberjochten:**

De gearkomsten fan de krite wurde hâlden yn **Wijkcentrum De Huesmolen**,  
De Huesmolen 60, 1625HZ Hoorn.  
Tel: 0229-234390

### **Lidmaatskip en Tagongsprizen:**

It lidmaatskip foar ien persoan is €15,00 foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden €5,00 en foar net leden €12,50. De lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinnen jo dwaan by de ponghalder, Popke Slange.

### **De sealpriis op de grutte jûnen:**

Jo kinnen de sealpriis winnen as jo yn e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmmer dat kâns jout op de sealpriis.

### **De ferlotting yn it skoft:**

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean út in blomke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinnen yn it skoft lotten keapje. Yn pakje fan 10 lotsjes foar €5,00. Altyd priis.

### **Autoferfier:**

Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinnen kontakt opnimme mei ús skriuwer Jan Vogel  
Till.: 0229-234012

### **Lief en Leed:**

Lief en Leed berjochten kin jo trochjaan oan ien fan de leden fan it bestjoer.

## Fotopuzzel

Hjirûnder steane foto's fan de fonteinen yn de alve stêden. Folje de letter by de foto's yn op de ûnderste rigel. As jo dit goed dien hawwe, wurdt in wurd foarme.



E



E



E



O



L



A



R



B



S

1. Boalsert
2. Dokkum
3. Ljouwert
4. Starum
5. Frensjer
6. Hylpen
7. Drylst
8. Sleat
9. Warkum
10. Snits
11. Harns



T



P

1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	11

# Útnoeging foar de Grutte jûn op 23 maart 2024

## ProRege Holwerd spilet: **'HÛSKE OAN SEE'**

*Skreaun troch Henk Roede  
Oerset troch Lammert Dijkstra*



Hearlik in wike op fakânsje. Jo boeke in fjouwerpersoanshûske op in park mei útsjoch op see, spannend! Thomas en Fiona hawwe der nocht oan, al rint it al wat oars as sy it hun foarstelt hiene. De ûntfangst op it park troch Bertha is al spesjaal en dat fernimme Jaap en Ellen ek as sy op it park oankomme.

Peter hat ek in fjouwerpersoanshûske boekt en hy sil der fakânsje fiere mei syn frou Lea en har suster Lies. Mar oft it wol sa'n goed idee is om har mei te nimmen? Ek it animaasjeteam op it park is tige oanwêzich. It soarget yn elk gefal foar spanning.

En dan is Gerard der ek noch. Hy is allinne op fakânsje en fynt it gesellich om ûnder de minsken te wêzen. In stik wêryn it wurd "dielen" op hokker manier dan ek, in wichtige rol spilet. Wy winskje jimme in protte nocht en wille mei "Hûske oan see"!!



It stik wurdt spile op ús fertroude lokaasje yn

### **Wijkcentrum de Huesmolen.**

Adres: de Huesmolen 60 1625 HZ Hoorn.

It begjint om 20.00 oere en de seal is iepen fan 19.30 oere ôf.  
De tagongspriis is € 5,00 foar leden en € 12,50 foar net-leden.

Yn het skoft wurdt der in ferlotting hâlden. Altyd priis!

#### ***Spilers:***

<i>Jaap:</i>	<i>Nico Bierma</i>	<i>Ellen:</i>	<i>Baukje Verbeek</i>
<i>Thomas:</i>	<i>Dikkie van der Wal</i>	<i>Fiona:</i>	<i>Marijke Faber</i>
<i>Bertha / Trudy:</i>	<i>Elly Visser</i>	<i>Lea:</i>	<i>Johanna vd Meij</i>
<i>Peter:</i>	<i>Willem Verbeek</i>	<i>Lies:</i>	<i>Hillie Politiek</i>
<i>Gerard:</i>	<i>Jelle Aagtjes</i>		

<i>Rezjy:</i>	<i>Lucas de Blecourt</i>
<i>Grime:</i>	<i>Agnes Waterval</i>
<i>Dekor:</i>	<i>Anne Bron / Cathrinus van der Meij</i>
<i>Ljocht en lûd:</i>	<i>Johannes Verbeek / Willem Peterson</i>



## ***Douwe Egberts punten***

De waardepunten fan Douwe Egberts meie ek foar goede doelen brûkt wurde. Ien fan de doelen is kultuer, lykas de Fryske Krite.

Derom docht ús Krite Hoarn mei oan it garjen fan dizze waardepunten. De krite kin dan produkten krije foar dizze punten en dat stipet de krite. Jo kinnen de waardepunten ynleverje op de kritejûnen, de doaze stiiit op de boeketafel.



## **Nimme jo ek punten mei nei de kritejun?**

---

### ***RABO Club Actie 2024***

Ek dit jier komt der wer in RABO CLUB Actie. De fine puntsjes binne no nog net bekend, mar it sil likernôch ein **MAAIE** begjinne.

It soe moai wêze as jimme allegearre it nijs hjiroer yn de gaten hâlde wolle. En dan fansels op ús stimme! Wij hoopje sa wer wat jild binnen te heljen.



Popke Slange & Harmke Burggraaff

## ***Skrikkeldei yn it Planetarium:***

Ien kear yn de fjouwer jier moat de direkteur fan it Eise Eisinga Planetarium yn Frjentsjer der foar soargje dat de datum fan it astronomysk apparaat wer goed is.

Warmenhoven fynt it elke kear bysûnder om it wurk út te fieren: "Do bist dwaande mei Eisinga syn eigen radarwurk. Do kinst net tichter by komme, by wat er 240 jier lyn makke hat". Nei it foltôgjen fan it Planetarium skreau Eisinga in hânboek wêrmei't it radarwurk yn de takomst ek mei oant de twadde krektens rinnend\* hâlden wurde koe. Warmenhoven folget dat hânboek hjoed-de-dei noch.

Troch it tsjil op in skrikkeldei 24 oeren werom te draaien, sil it radarwurk fan it Planetarium de kommende jierren krekt nei de twadde rinne. Yn Frjentsjer is it twa dagen efterinoar 28 febrewaris. Dat betsjut dat it horloazje freed wer op tiid rint. In dei stilhâlde mei radarwurk is neffens Warmenhoven gjin opsje. "Dan stiet alles stil en draaie de planeten yn it planetarium net mear. Wylst se gjin kennis hawwe fan ús kalinder."



***Bron: Omrop Fryslân***

*\*oant de twadde krektens rinne = tot op de seconde nauwkeurig*

## ***De wurklist foar 2024-2025 sjocht der sa út:***

27 septimber 2024	Jiergearkomste
26 oktober 2024	Grutte jûn
11 jannewaris 2025	Stampot buffet
14 febrewaris 2025	Lytse jûn
22 maart 2025	Grutte jûn



---

### ***Sizwizen oer bûter***

As de bûter trochsafolle hannen giet, bliuwt oeral wat oan klibjen.

*Iedereen wil er aan verdienen*

De bûter útbriede.

*Daar begint het fortuin te komen.*

Alles is gjin bûter wat de ko skyt.

*Alles is geen voordeel.*

It wie bûter oan é boaiem ta.

*Er was overvloed.*



## ***Maitiid***

As it maitiid is  
En ik de earste waarme strielen fiel  
Dan krij ik in gefoel fan langstme  
Yn it binnenste fan myn siel.

Ik wol dan wer it fjild yn  
Mei de pols ljeppe oer de sleat  
Rôljeboljend by de seedyk del  
As in flotsje bouwe by de feart.

Ja, it bern dat sit noch yn my  
En it bliuwt dêr sitten ek  
Dat gefoel hat eltsenien  
En it is ek wier net gek.

Set it gefoel mar om yn dieden  
En libje efkes as in bern  
Dan silst dyn frijheid fiele  
Doch it! De tiid is noch net ferlern.

## **Skutsjesylen 2024**



### **Wedstrijddata SKS-Kampioenschap 2024:**

Za 3 augustus – Grou  
Ma 5 augustus – De Feanhoop  
Di 6 augustus – Earnewâld  
Wo 7 augustus – Terherne  
Do 8 augustus- Langwar  
Vr 9 augustus – Ealahuzen  
Za 10 augustus – Starum  
Ma 12 augustus – Waldsein  
Wo 14 augustus – Lemmer 1  
Do 15 augustus- Lemmer 2  
Vr 16 augustus – Snits

*Sûnt 1973 docht in fêste groep fan fjirtjin skûtsjes mei oan it SKS-kampioenskip. Oarspronklik mei trettjin pleatslike kommisje-skûtsjes en in partikulier skip, de d'Halve Maen fan Philips Drachten. Tsjintwurdich is de d'Halve Maen ek ûnderbrocht yn in stichting. De skûtsjes wurde sa no en dan ferfongen, meastentiids mei in nammeferoaring fan it skip.*

## ***Koart ferslag fan de Musical 'De Tocht'***

Yn it Kriteboekje fan oktober 2023 stie al in artikel oer de Musical 'DE TOCHT'. En in oantal Krite-leden hawwe der al west. Hjirûnder in koart ferslach.

By binnenkomst fielst al direkt de Alvestêdetochtsfear. Der is in lyts museum ynrjochte, in winkel, in kontener dy't de iisfrieze simulearret en der binne hapkes en drinken. Wy moatte fia twa grutte treppen op nei de hal. Jo kinne it draaiende poadium mei echt iis, hiel dúdlik sjen fanút de hiele seal.

Yn 2023 is it einlings safier. De sechstjinde Alvestêdetocht. In groep freonen út Wergea, trije jonges en twa famkes, ûnthjitten elkoar dat, as der ea in Alvestêdetocht komme soe, sy dy meiinoar ride soene. De bern binne no grut wurden en hawwe allegear har eigen libben. Mei al syn problemen en obstakels. De Alvestêdetocht wurdt in ûntdekkingsreis om te sjen oft de bân út it ferline noch bestiet.

Wy wurde fia grutte fideoskermen meinommen op dy hurde reis troch de alve Fryske stêden. En jo belibje net allinnich de noflike sfear ûnderweis, mar ek echt it lijen fan de reedriders. Strompeljend oer rotshurd iis, ferblinde troch swiere sniebuien. En as in snijende wyn troch de hal waait mei in saneamd 4Deffekt, wurdt it pynlike lijen fan de toerriders letterlik taastber.




## **FRYSK FOLKSLIET**

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.  
En bûnzje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.  
It Fryske lân fol eare en rom.

*Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!*

Trochloftich folk fan dize âlde namme,  
Wêz jimmer op dy âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,  
In grien, in krêftich bloeijend leat!

*Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!*



## ***Bestjoer Fryske Krite Hoarn***

**Foarsitter:** Tiny Dijkstra – de Vries  
Till.: 0227-501050  
e-mail: [ak.dykstra@quicknet.nl](mailto:ak.dykstra@quicknet.nl)

**2<sup>e</sup> Foarsitter:** Douwe Hoekstra  
Till.: 0229-211749  
e-mail: [ddhoekstra@kpn.nl](mailto:ddhoekstra@kpn.nl)

**Ponghâlder en  
Lede-administraasje:** Popke Slange  
Till.: 0229-234881  
e-mail: [p.slange@outlook.com](mailto:p.slange@outlook.com)

**Skriuwer:** Jan Vogel  
Till.: 0229-234012  
e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)

**Oare bestjoersleden:** Renske Nauta-Haagsma  
Till.: 0229-237267  
e-mail: [dirkenrenske@gmail.com](mailto:dirkenrenske@gmail.com)

Harmke Burggraaff – Adema  
Till.: 0229-238284  
e-mail: [harmke.burggraaff@quicknet.nl](mailto:harmke.burggraaff@quicknet.nl)

**Eareleden:** De hear Popke Slange

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn